

Steatefraksje FNP
T.o.f. de hear W. Veenstra

Ljouwert, 18 septimber 2015
Ferstjoerd, 30 SEP. 2015

Ús skaaimerik : 01244454
Ôfdieling : Stêd en Plattelân
Behannele troch : R. Deems / (058) 292 58 76 of r.deems@fryslan.frl
Jo skaaimerik : --
Taheakke(n) : --

Ûnderwerp : beantwurdjng skriflike fragen oer kompinsaasje wenningeigener troch
NAM

Achte hear Veenstra,

Jo skriflike fragen op grûn fan kêst 39 fan it Reglemint fan Oarder, ynkommen op 3 septimber 2015, beäntwurdzje wy sa.

By jo fragen hawwe jo de folgjende ynljedende taljochting jûn:

De rjochter hat útspraak dien yn de saak fan de Stichting WAG tsjin de NAM. It fûnis seit dat de NAM oanspraaklik is foar de weardedelgong fan ûnreplik guod yn it ierdbevingsgebiet yn Grinslân. De NAM moat de eigeners yn it foar kompinsearje, ek as der noch gjin skea ûntstien is.

Fraach 1:

Wat binne de juridyske konsekwinsjes fan dizze útspraak foar eigeners fan ûnreplik guod mei weardedelgong yn sâlt- en gaswinningsgebieten yn Fryslân?

Antwurd fraach 1:

By it antwurd op jo fraach geane wy der fanút dat jo doele op de foarbyldwurking dy't fan it fûnis útgean kin. It fûnis sels skept ommers útslutend rjochtsgefolgen foar de partijen dy't dêr by belutsen binne.

It fûnis fan de rjochtbank Noard-Nederlân giet spesifyk oer it ierdbevingsgebiet yn Grins en de skea troch weardefermindering as gefolch fan ierdbevings troch gaswinning dêr. Yn Grins is sprake fan in mânske ierdgaswinning troch de NAM dy't earnstige boaiembeweging yn de foarm fan ierdbevings feroarsake hat. Dêrtroch is der yndie fysike skea oan huzen en gebouwen ûntstien. De rjochtbank achtet it oannimlik dat der in oarsaaklik ferbân is tusken de

gaswinning en de skea troch ierdbevings. De NAM hat dat ek erkend en it docht út saakkundigenûndersiken bliken, wêrûnder dat fan it Staatstoezicht op de Mijnen (SodM). De problematyk yn Grins hat ta in soad publisiteit laat. Hoewol't de gaswinning minder wurden is, hat de NAM oanjûn fan doel te wêzen om noch tsientallen jierren gas te winnen yn it gebiet. Under dy omstannichheden achtet de rjochtbank it oannimlik dat de húseigeners yn it troffen gebiet no al skea hawwe as gefolch fan de weardedaling fan harren wennings, ek al binne oare faktoaren lykas befolkingskrimp en de finansjele krisis dêrby ek fan belang. De rjochtbank is fan oardiel dat de eigeners dy skea no al claime kinne ek al hawwe sy – bygelyks – noch gjin konkrete ferkeaplannen. De rjochtbank hat dus oan de hân fan de spesifike feiten en omstannichheden yn Grins oardiele. Fierders is it fûnis fan de rjochtbank op dit stuit noch net definityf. De mooglikheid is net útsletten dat de NAM heger berop ynstelt. Koartsein, Fryske húseigeners kinne gjin direkte oanspraken oan de útspraak fan de rjochtbank ûntliene. It is wól sa dat as húseigeners – ek yn Fryslân – werklik skea hawwe troch boaiemdelgong as gefolch fan gas- en/of sâltwinning, sy de mynboueksplôitant(en) dêrop oansprekke kinne. Sjoch dêrfoar fierder it antwurd op fraach 2.

Fraach 2:

Hoe grut skatte jo op juridyske grûnen de kâns dat it fûnis ek trochlutsen wurde kin nei de oanspraaklikheid fan mynboumaatskippijen foar weardedelgong troch oare foarmen fan boaiembeweging as ierdbevings? Graach jo argumintaasje.

Antwurd fraach 2:

De rjochtbank hat har yn har fûnis basearre op kêst 6: 177 fan it Burgerlijk Wetboek(BW). Dat kêst regelet de oanspraaklikheid fan de mynboueksplôitant foar skea dy't as gefolch fan mynbouaktiviteiten ûntstien is. Dat is in saneamde risiko-oanspraaklikheid. Dat kêst hâldt ferbân mei skea troch boaiembeweging; it is dus net beheind ta ierdbevings.

Fraach 3:

As der gjin konsekwinsjes binne, en de oanspraaklikheid en de fergoeding allinnich foar ierdbevings yn Grinslân jilde, binne jo dan mei ús fan betinken dat der rjochtsûngelikens ûntstean kin?

Antwurd vraag 3:

Nee, wy binne fan betinken dat der troch it fûnis gjin rjochtsûngelikens ûntstiet. De rjochtsposysje fan partikulieren dy't (miene dat se) skea hawwe fan mynbouaktiviteiten is yn hiel Nederlân gelyk. De oanspraaklikheid fan mynboubedriuwen foar skea troch boaiembeweging is – sa earder oanjûn – basearre op kêst 6:177 fan it Burgerlijk Wetboek.

Fraach 4:

Hokker aksje ûndernimme jo no sels nei dit fûnis?


Antwurd fraach 4:

It giet yn dizze saak om in útsûnderlike en spesifike situaasje, dêr't wy gjin oanlieding yn sjogge om aksje te ûndernimmen. Wol sille wy mei dy útspraak tige wach wêze foar de Fryske situaasje en as dêr oanlieding foar is de mynbouûndernimmings op harren ferantwurdlikens wize. Wy sette ús ek yn foar de omkearing fan de bewiislêst, sa't wy dat ek yn ús Koälysje-akkoart opnommen hawwe.

Mei rju achtinge,

Deputearre Steaten fan Fryslân,

J.A. Jorritsma, foarsitter



A.J. van den Berg, sekretaris

foar dizze O. Bijlsma, loko-sekretaris

